

Twa swakke kanten fan it keatsen: in statistysk oersjoch

Oer de statistyk fan in keatspartij meitsje de measte lju, oars as bygelyks by baseball, har net sa drok. Guon keatsleafhawwers hâlde al jierren foar harsels it ferrin fan ferskate (haadklasse)partijen by. Fan sokke lju freget it Keatsbûn wolris gegevens, bygelyks om dêrmei eksperiminten te evaluatearjen. It bûn of wedstrydorganisaasjes dogge fierders neat oan statistyk, dat parselju, wolle hja statistyske gegevens yn har ferslach ferwurkje, sille sels oan 'e slach moatte om gegevens te sammeljen. Want de skriuwende parse wol meastentiids graach in oersjoch fan de wichtichste partijen sjen. Der is dus by it keatsen gjin 'statistysk protokol' sa't dat by oare balsporten wol foarkomt.


It ôfrûne seizoen (2006) wie it ûnderwerp 'sifers' dochs efkes wichtich, om't dy nedich wiene by de diskusje oer it ûnderwerp 'fernijing fan de keatsregels', in item dat, sa't wy witte, de lêste jierren nochal wat hjitte hollen jout. Op de partij yn Dronryp frege in ferslachjouwer fan Omrop Fryslân analist Siep Braaksma om kommentaar te jaan op dat kontroversjele ûnderwerp. Braaksma sei dat er neat fan de fernijings c.q. feroarings hawwe moast. Neffens him lit it Bûnsbestjoer de earen tefolle hingje nei lju dy't miene dat it eartiids op 'e keatsfjilden safolleste

better wie. Want der wurdt wat ôfklage, benammen oer it feit dat de perkspilers hjoed de dei omraak boppeslaan. Foar de foarstanners fan fernijing hie Braaksma in advys: 'Litte hja ús (dat wol sizze him en oaren dy't partijen byhâlde) ris freegje nei de sifers, dan kinne wy har gerêststelle oer it tal boppeslaggen, want dat falt wol ta.'

Faaks hat dat radiopetear ynfloed hân op it Keatsbûn. Bestjoerslid Emile Vogels, mei de portefeuille technyske saken, skreau yn augustus yn it blêd *Wis-In* in stikje oer it siferwurk. Sa't niis al sein is, kriget it bestjoer gegevens fan trouwe besikers fan 'e keatswedstriden. Dat bart al fan 1993 ôf. Ek Vogels relativearret de soargen om de hoemannichte fan boppeslaggen: 'Dat er steeds meer ballen worden bovengeslagen (volgens de critici) ten opzichte van 10 jaar terug blijkt niet uit deze cijfers.'

Dat sadwaande, net eltsenien is pessimistysk oer de attraktiviteit fan it moderne topkeatsen. Dochts wiene de twa niisneamde mediabydragen foar my oanlieding om myn sifers neier út te wurkjen. Want der binne neffens my twa aspekten dy't in swakke kant fan it keatsspul

Grafyk 1: Tal slaggen de opslachbeurt



foarmje, nammentlik it tuskenspul en it fersteurde lykwicht tusken op- en útslach.

Dy aspekten kinne analysearre wurde om't ik (letterlik) alle slaggen notearre haw. It is net myn doel en pleitsje der yn dit artikel foar om dy regels oer de kop te smiten. Ik wol al mei de sifers sjen litte, dat der oangeande dy twa punten noch wol wat te ferbetterjen falt.

De opset fan it sifermateriaal


Fan 19 haadklassepartijen yn 2006 haw ik de gegevens fan de lêste trije partijen op papier set, dus mei-inoar fan 57. Fan dy partijen binne alle slaggen notearre. Ik slút my dêrmei oan by de wize fan notearjen fan parselju. In slach moat letterlik nommen wurde. As de bal bygelyks nei de útslach mei de stuit foar de keats keard wurdt, is dat formeel in slach (by dizze opslachbeurt dan trije slaggen). Ballen dy't it perk net útkomme (sitbal en de bal bûten it perk), jilde altyd foar ien slach (dy fan de opslagger), ek as de perkspiler in knapper hat en de bal yn it perk sitten bliuwt. In technyske flater fan de opslagger (oerrinne of de bal falle litte) jildt ek foar ien slach. Alle ballen dy't oer de boppeline geane, wurde notearre as in boppeslach. Dat betsjut dat as de bal de keats passearret en oer de boppeline giet, dan in boppeslach op papier komt te stean.

Fierders jout it begryp tuskenspul de situaasje oan dat nei de útslach fierder spile wurdt (trije slaggen of mear). By in slachwikseling prate wy fan in triktrak (fjouwer slaggen of mear).

It tuskenspul yn 'e kiif

Mei it tuskenspul stiet it der faai foar. Neffens grafyk 1 is der by mar likernôch 20 persint fan 'e opslachbeurten sprake fan tuskenspul.

Grafyk 2: Ferhâlding skoare opslach - tsjinslach



No kin de twastriid opslach-perk faaks syn sjarme hawwe. Feit is lykwols dat, as wy de skynwerper rjochtsje op de slachwikselingen, de Fryske keatsfariant it min docht yn 'e groep fan mondiale weromslachspullen. Wy hoege ús net daalks te spiegeljen oan de Baskyske spullen, dêr't faak lange slachwikselingen yn foarkomme, mar meie wol de tennissport as foarbyld nimme. Dêr besykje de lju troch feroarings rallys te befoarderjen.

By it Fryske spul meie wy bliid wêze as der noch slachwikselingen binne. Op ús grafyk sjogge wy dat mar leafst 31 persint fan 'e opsleine ballen it perk net útkomt. It tuskenspul foarmet, sa't al sein is, 20 persint. En dan hoege wy oer it tal triktraks eigentlik al net mear te praten: sawat 2 persint. Nei niisneamde persintaazjes sil it nimmen fernuverje, dat trochinoar nommen it tal slaggen de opslachbeurt leech is. Fan de 57 partijen kamen mar tsien ta in gemiddelde fan twa of mear. It totaal oantal opslaggen wie

3790, alle slaggen mei-inoar: 7229, gemiddelde de opslachbeurt: 1.91.

It fersteurde lykwicht yn op- en útslach

Oars as it tuskenspul, kriget it fraachstik fan 'e skeangroeide ferhâldings tusken op- en útslach de lêste jierren wòl it nedige omtinken. Soms wurdt der beliedsmjittich wat oan dien, bygelyks troch it perk wat grutter te meitsjen (2001). Ferline jier kaam dat ûnderwerp op nijsgjirrige wize op it aljemint troch in fraachpetear mei fuotbalcoach Foppe de Haan yn dit tydskrift. De Haan stelt fêst dat by it ûntbrekken fan lykwicht tusken oanfal en ferdigening by hokker sport dan ek, dy ta weismiten keard is. 'Als ik de baas was, deed ik de nap eruit', sa seit ús ferneamde fuotbaltrainer.

De fraach foar my is hoe't de ferhâlding opslach-útslach metten wurde moat. Om't út de foarige paragraaf bliken docht dat tuskenspul in beheinde faktor by spulsituaasjes is, haw ik alle

spulsituasjes besjoen útsein dy mei tuskenspul. Dat betsjut dat de opslachpartij op 'e grafyk 2 punten wûn hat mei in sitbal, kwea-útslach of as de keats net foarby slein waard. De útslagers krigen punten troch opslachmissers fan de tsjinpartij, in boppeslach of troch it foarbyslaan fan 'e keats.

Op 'e grafyk is te sjen dat de útslagers it meast yn 'e molke te krommeljen hawwe. No sil dat ferskynsel nimmen nij dwaan, om't der wol earder oer publisearre is. Wol is it sa dat sifers fan in oerwicht fan 80 persint of heger, sa't wolris konkludearre waard, oerdreaun binne. Myn sifers smite de ferhâlding 1:1,97 op, dus goed 66 persint. Yn 2000, doe't ik 15 finalepartijen byhâlden haw, stie it der oars noch minder foar: 1:2,33. De opslach hat nei de feroarings fan de perkôfmjittings dus wat terrein weromwûn. Likegoed bliuwt oerein wat Foppe de Haan sei, want de sifers lizze no noch te fier útinoar. As it sifer 1,97 werombrocht wurde kin ta 1.5, dan krije wy in oannimliker situaasje. By myn witten binne der gjin sifers foarhannen om krekt nei te gean hoe't de ferhâlding opslach-útslach der eartiids by stie. Dy sil oars west ha, om't de útslagers it meast fan de ûntjouwing yn de moderne útrissing profitearje koene. Benammen troch de yntroduksje fan 'e nap yn 'e want koene de perkspilers fierder útslaan. Om koart te kriemen, de opslagers fan no hawwe in 'sterker' útslachduo foar har oer. 'In perk omslaan' is in siswize dy't ik hjoed de dei komselden mear hear.

By einbeslút sifers dy't ek mei de op- en útslach te krijen hawwe. Yn 2000 sloech de foarynse 61 persint fan de ballen út en de efterynse mar 39.

Yn 2006 wiene de perzintaazjes 53 respektivelik 47. Troch de feroarings fan de perkôfmjittings is dêrby dus ek mear lykwicht kaam.

Gosse Blom

Literatuer

Joustra, Wio. Ynterview mei Foppe de Haan: 'Kaatsers zijn geen topsporters en het evenwicht in het kaatsen is zoek'. Yn: *De Keatsfreon*, 15 (2006) s. 28-30.

Vogels, E.L. 'Experiment'. Yn: *Wis-In*, 35 (2006) nr. 8. s. 5.